

# fynsten en fragen

## Bierrecepten fan fiif Windesheimer kleasters

Bier wie — de measten sille dat wol witte — de folksdrank by útstek yn de midsieuwen. Kofje en tee wiene ommers net bekend, wetter wie oer 't generaal te smoarch om samar te drinken, molke wie net goed hâldbêre en wyn wie foar de gewoane man fierste djoer. Bleau oer it bier, dat dan ek yn grutte mannichten ferswolge waard. It bierferbrûk foar 1600 is wol rûsd op sa'n 250 oant 400 mingel de man. Taferliking: op dit stuit drinke wy yn Nederlân trochinoar sa'n 80 liter jiers. It is dêrom goed te begripen dat it brouwersbedriuw yn de midsieuwen fan grut ekonomysk belang wie. Alle stêden hiene gâns brouwers, dy't net allinnich har produkt kant en klear ferkochten, mar ek by partikulieren thús lâns gongen om in pear tonnen te brouwen. Rienck Hemmema, de sa ferneamde boer út Hittsum, liet alle jierren wol in pear kear in brouwer by him op 'e pleats komme. Yn de jierren 1571-1573 hie er foar syn hûshâlding en personeel trochinoar sa'n 14 tonnen (fan likernôch 150 mingel?) nedich (sj. B. H. Slicher van Bath, "Een Fries landbouwbedrijf in de tweede helft van de zestiende eeuw", *AAG Bijdragen* 4 (1958) 67-208, 118, 119).

Wie Hemmema dêrmei yn ús eagen al in grutterbrûker, de kleasters mei har mannichten lekebuorren en tsjinstpersoneel wiene dat wol hielendal. Hast alle kleasters yn Fryslân hiene in eigen brouhûs mei in eigen broutsjettel en gauris ek in eigen brouwer. It sil wol tafal wêze, mar ien fan de pear kleastergebouwen dy't hjirre de Reformaasje oerlibbe hawwe, de tsjintwurdige tsjerke fan Gerkeskleaster, wie krekt sa'n brouhûs. Oer it funksjonearjen fan dy kleasterbrouwerijen is net it measte bekend. It liket my dêrom aardich en jou hjir in listke fan bierrecepten dy't ik foar ûnderskate Windesheimer kleasters, mei dêrûnder ek twa Fryske, yn in manuscript fan it St. Nicolaaskleaster yn Burgum fûn haw. Dat manuscript (Stadsbibliotheek Brugge, Hs. 558) befettet yn haadsaak frometraktaten en in tal oarkonde-modellen. Mar foaryn binne ek allerhanne praktyske listen opnaam. Sa fynt men dêrtusken bûten it hjirneifolgjende (f. 6v.) û.o. ek in nijsgjirrige tabel mei wiskelkoersen, in list mei opjeften fan wat foar de bou fan in mûne nedich is, ûnderskate priislisten oangeande libbensmiddelen en boumaterialen, ensfh. Dy tsjûgje net allinnich fan in priisbewustwêzen fan de *procurator* (admi-

nistrateur), dy't se wol makke hawwe sil, mar ek en frai fan it foarnimmen fan de kleasterlieding om it gebouwekompleks fiks op te knappen en út de wreidzjen. By in oare gelegenheid sil ik dêr wol wat djipper op yngean, mar hjir kin ik fêststelde dat dy bou-aktiviteiten ferbân hâlden hawwe moatte mei de oansluting fan it kleaster by it Kapittel fan Windesheim yn 1450. Yn it manuscript — dat oars yn ien hân skreaun is — wurdt earne healwei yn in, nei in echte oarkonde ôfskreaun model, it jier 1464 neamd. De boppeneamde listen sille lykwols wol fan foar dy tiid datearje om't it net oannimlik is dat de kladeksimplaren dêr't se fan ôfskreaun waarden, yn ien en itselde jier gearstald binne. Wy binne der dan ek net fier ôf wannear't wy ús reseptelistke koart nei 1450 datearje. Oer it doel fan it listke hoecht net lang spekularre te wurden. De muontsen fan Burgum hawwe har foar de reorganisaasje fan har brouwerij oriïntearje wolle op hoe't der yn it memmekleaster Windesheim, yn de twa âlde en ferneamde Windesheimer kleasters Agnietenbergen Bethlehem by Swol, en yn de twa grutte Fryske kleasters fan Windesheim, Thabor by Turns en Lúntsjerker by Mullum, bier makke waard. Wa't mear oer dy konvinten witte wol, kin der it *Monasticon Windeshemense* (Brussel 1980) opneislaan. Hjir folget de orizjinele tekst, yn it Latyn, mei dêrnei in frije oersetting.

### De braxatorio

Item in Monte Agnetis braxant XXXIII tonnen servicie de quindecim modiis havene, IIII-or modiis orde et tribus modiis tritici.

Item in Wyndeshem braxant XXVIII tonnen servicie de X modiis havene, III modiis orde et III modiis tritici.

Item in Thabor in hyeme braxant XV tonne servicie de V tonnen havene et III tonnen orde, I tonne frumenti, sed in estate plus servicie braxant de predictis.

Item in Belheem braxant XVIII tonnen servicie de VI modiis havene, III mude orde et IJ muden tritici.

Item in Lunenkerk braxant XXXVI tonnen servicie de tribus modiis orde et IIII mude havene et IIIJ modiis veytes.

Item communiter predicti in estate plus servicie braxant de predictis frumentis.

### Oer de brouwerij

- \* Yn Agnietenberg wurde 33 tonnen bier broud fan 15 mudden hjouwer, 4 mudden koarn en 3 mudden weit.
- \* Yn Windesheim wurde 28 tonnen bier broud fan 10 mudden hjouwer, 3 mudden koarn en 3 mudden weit.
- \* Yn Thabor wurde yn 'e wintertiid 15 tonnen bier broud fan 5 tonnen hjouwer, 3 tonnen koarn en 1 tonne weit, mar yn 'e simmer wurdt mear bier broud fan 'e neamde mannichten.
- \* Yn Bethlehem wurde 18 tonnen bier broud fan 6 mudden hjouwer, 3 mudden koarn en 1,5 mudden weit.
- \* Yn Lúntsjerker wurde 36 tonnen bier broud fan 3 mudden koarn, 4 mudden hjouwer en 3,5 mudden weit.
- \* Yn it algemien brouwe de boppeneamde kleasters yn 'e simmer mear bier fan 'e neamde mannichten nôt.

It is de fraach oft de opjeften foar Lúntsjerker wol doge; 10,5 mudden nôt foar 36 tonnen bier, dat liket mar in hiel lyts bytsje, of it moat wêze dat de Lúntsjerkerster muontsen har bier noch tinner dronken as har oardergenoaten yn Thabor en de oare kleasters. Opfallend is fierders dat yn alle fiif resepten mear hjouwer als koarn foarskreaun is. It docht jin tinken oan de gearstalling fan it Goudse 'koyt', in midsieusk eksportbier dat neffens in brouwerskeur yn in ferhâlding fan 4:3:2



Foar al Jo ljocht-krêft-ynbraak-  
en brânmeldynstallaasjes kinne  
Jo terjochte by:

**EWALD b.v.** Elektro Techn. Bedriuw

Nijbuorren 112a  
Ljouwert  
Tel: 12 50 19 - 12 26 34



út hjouwer, koarn en weit makke wurde moast (A. Hallema en J. A. Emmens, *Het bier en zijn brouwers* (Amsterdam 1958) 45).

Men soe sizze dat dy opjeften ek ynsjoch jaan kinne yn hoe grut oft de kleasterbefolking wie. Mei as kaai de rûzing fan J. G. R. Acquoy dat de befolking fan Windesheim sels, ynklusyf lekebruorren en tsjinstpersoneel, sa'n 75 persoanen omfieme, is it tal minsken yn 'e oare ynstellings te berekkenjen (*Het klooster Windesheim en zijn invloed* (Utrecht 1875) 127). Mar hjir moatte wy wat hoedenens betrachtsje. Hoefolle oft der broud waard is no wol bekend, mar net it tal brouseljers. It is net oannimlik dat yn alle kleasters mar twa kear jiers, by 't simmer en by 't winter, broud waard. De brouwerij sil wol in soarte fan kontinu-bedriuw west hawwe. Mar hoefolle brouseljers der jiers makke waarden? Faaks hat de lêzer in idee.

J. A. Mol

## Literatuer yn Fryslân 1540-1666

### 7. Dichtsjende Snitserrektoaren om 1590 hinne

De rektoaren fan 'e latynske skoalle te Snits tusken likernôch 1585 en 1600 ûnderskiede har fan alle oare personiel oan dy skoalle út earder en letter tiid (op Anne Wadman nei, as men wol, mar doe't dy oan 'e skoalle stie wie it allang gjin latynske skoalle mear) troch it dichtwurk dat der fan har printe is. Dy oaren hawwe grif ek wolris in gedicht makke, mar dat nimt net wei dat de neolatynske dichtkeunst yn Snits har bloeitiid om 1590 hinne hie. Nei de oarsaken kin men tenearsten (salang't der gjin stúdzje oer de ûntjouwingen fan 'e neolatynske poëzy yn Fryslân is) allinnich mar riede. It begjin hinget grif gear mei de stifting fan 'e universiteit te Frjentsjer yn 1585 en de fetsiging fan in printer dat jiers dêre, faaks ek wol mei wediver mei de produktive kollega Johannes Fungeri, rektor te

Boalsert (1584-1592), Ljouwert (1592-1607) en Frjentsjer (1607-1612), dy't ek yn 1585 debutearre mei syn *Sylva Carminum*. Mar wêrom wie it nei 1600 dien yn Snits? Yn Ljouwert waard letter noch wol troch skoallju dichte, lykas Edo Neuhusius en Tobias Gutberleth. Ik haw út in ûndersyk fan poëzy yn Fryske printingen lykwols de yndruk krigen dat ek de Frjentsjerter heechleararen ridlik gau nei 1600 folle minder dichten as earder. Tenearsten skreaunen se eins allegearre wol lofdichten op har promovearjende en disputearjende studinten, mar letter waard dat útsûndering.

#### 1. Joachimus Johannes Zarenbachius *Libben*

Rektor, net foar 1585 (c.f. Kalma 1978 (Classisboek Sneek) 23 (lêst foar 1586 1585?) en Wadman 1958, 18) oant 1587 (sjoch Rombertus Suffridus Bergamus hjirnei; Vriemoet 1758, 15).

#### *Wurk*

— L 1587 Epithalamium . . . Franequerae 1587 (Vriemoet, o.p.; net sjoen).

#### 2. Rombertus Suffridus Bergamus / Orinus. *Libben*

Underwizer sûnt 1583 of earder (DTB 673, RAF), rektor fan 1587 oant 1591 of 1592 (Reitsma / Van Veen 1897, 65), dêrnei oant 1618 rektor te Harns (Reitsma / Van Veen 70; GA Harns 308, 309). Feiljnglist fan syn boeken (1626) yn Frj HH, RAF.

#### *Wurk*

— L 1591 Carmen Gratulatorium In laudem almae Frisiorum Academiae . . . Franequerae 1591 (PBF, A2367).

#### 3. Jacobus Adamaeus

#### *Libben*

Rektor fan 1591 of 1592 (út 1592 in fers foar S. Siccama fan Boalsert yn L 1595b) oant des. 1599 of letter, mar net nei 1602 dêr't Henricus de Veno rektor wie (tsjerkkeriedsnotulen, argyf NH tsjerke Snits). Neamt him Poeta Brabantinus. Syn rûnte fan freonen en learlingen blykt út 'e gelegenheidsfersen yn L 1595b. Skreau ek in skoalboek, *Dialexis*

*scholastica in tres divisa classes* Fran. 1593 (PBF).


Literatuer: Van der Aa; NNBW *Wurk*

— L 1595a Belgica Deinologia ad . . . Mauritium Auracum Principem . . . Quam tumultus Belgica caussae & Res in Belgico Gestae ab anno [1556 ad 1595] recensentur. Franequerae 1595 (PBF A 2334)

— L 1595b Epigrammatum liber primus in quo sunt Odae, Epistolae, Epithalamia, Elegiae & Epitaphia. Franequerae 1595 (PBF A2333).

## Bowring, 'member of the Frisian Society'

John Bowring, de Ingelskman dy't itsa goed mei it Frysk miende (te goed miskien neffens Joast Halbertsma, dy't him yn 'e *Vaderlandsche letteroefeningen fan 1829* út ôfgeunst ûnreedlik oanfoel), pronke mei syn gelearde lidmaatskippen, ek mei dat fan it *Friesch Genootschap*. Bygeande foto is makke fan syn



briefpapier dat er op 18-7-1829 brûkte om Jac. Scheltema te skriuwen (yn 130 G14, KB).

Ph. H. Br.

## K. VAN DER VALK

makelaar yn en skatter fan ûnreplik goed

Assistint-makelaar  
H. Heidinga  
De Tolve 64, Goutum  
Tel. 058-883569

Hofplein 31  
Postbus 482  
Ljouwert  
Tel. 058-126096

## Oanfolling jierferslach F.A.

Yn it jierferslach 1986-1987 is ûnder de nammen fan de meiwurkers oan de Pleatse-Atlas (s. 10) by fersin net de namme fan D. J. van der Meer opnaam. Dat is no hjirby efkes rjochtset. Wy binne der tige wiis mei dat Van der Meer ús mei syn saakkundigens bystean wol.

J. A. Mol